



Paulus Folkertsma Stichting



It mu-zyk giet troch de buor-ren, It is al - le-gear-re folk!

Fan de redaksje

It is faaks in bytsje let, mar wy, as bestjoer fan de Paulus Folkertsma Stichting, wolle net neilitte om jo in lokkich, sûn en muzikaal 2019 te winskjen.

Wy wolle jo ek tankje foar jo stipe, ek yn it ôfrûne jier, dat is tige wichtich foar ús. Jo helpe ús om ús taak, de muzikale neilittenskip fan Paulus Folkertsma te behearen en syn muzyk te promoatsjen en hearre te litten.

Midsimmertwirre, minifestival muzyk fan Paulus Folkertsma

Doe't ferline jier de mooglikheid kaam om in muzykfestival te hâlden yn it wenplak fan Folkertsma mei allinne wurken fan him, hawwe wy dat mei beide hannen oanpakt. Yn in eardere edysje fan NIJS hawwe wy útlein hoe't dit plan ta stân kaam en hoe't troch in protte ynset fan entûsjaste Boarnsters en ús bestjoer wurke is oan de realisasje dêrfan.

De nije stichting Aldeboarn Foarút hat it organisa-toaryske part op him nommen en wy fan de Paulus Folkertsma Stichting, namen de muzikale ynhâld foar ús rekken en binne der yn slagge om musisi fan namme nei Aldeboarn te heljen.

Der binne grif donateurs en belangstellenden dy't dit muzikale evenemint, "Paulus Folkertsma's Midsimmertwirre" persoanlik meimakke ha; wa't net oanwêzich wie hie letter de mooglikheid om in yndruk te krijen op ús webside.



Wy kinne weromsjen op in tige slagge muzikale jûn op sneon 23 juny, it wykein nei de langste dei, dy't allinne mar entûsjaste en geunstige reaksjes oplevere hat en de muzyk fan Paulus Folkertsma

Kolofon

NIJS is in útjefte fan de Paulus Folkertsma Stichting. NIJS wurdt tastjoerd oan donateurs en belangstellenden.

Redaksje: Sekretariaat fan de Stichting, Hemma Oddastrjitte 13 8927 AA Leeuwarden

Foarmjouwing: Eeltsje Folkertsma Foto's: WM-Fotografen

Donaasjes: minimaal € 11,50 per jier

Ynternet: www.paulusfolkertsma.nl
E-mail: info@paulusfolkertsma.nl
Keamer fan Keaphandel nr. 41004030
Februari 2019